

Garje

skreaun foar it program "In heale maraton op platfuotten" fan Ratatette

1 guon minsken garje bantsjes fan sigaren Dm C Dm
 of postsegels of bierfiltsjes fan filt Gm C7 F A7
 soms plaatsjes fan moaie kowejaren D7 Gm
 sigretoanstekkers of gewoanwei jild G7 C7
 ik garje ek, nee gjin boekjes stripferhalen Bes7 F
 gjin lytse autokes en ek gjin sjarretels Bes7 F
 gjin peperklips, gjin middelstsjes tsjin kwalen F Cis7 F7 E7 Es7 D7
 nee, ik garje simpelwei mysels ! G7 C7 F A7

2 it is begûn mei't wikseljen fan tosken
 ik hie myn molketoskjes yn in doaske dien
 kreas op flewiël, ik hie se earst goed wosken
 earst ien, doe twa, op't lêst hie'k der wol tsien
 dat sei my mear as myn doaske moaie stiennen
 of myn aaisamling, of it boek fan Moby Dick
 dy toskjes wiene stikjes fan myn eigen lichem
 it bliuwe altyd stikjes fan myn eigen ik

kearsang: *en dan tink ik oan wat ús pake altyd sei:* Bes7 F
 wês wiis op dysels, en smyt dysels net wei! G7 C7 F

3 ik moast fan ús mem ris nei de kapper
 en seach de plukjes fallen oer de flier
 doe beseft' ik: dat bin stikjes fan myn wêzen
 en ik kaam thús mei in pûde fol mei hier
 sa begûn ik myn eigen-ik-museum
 dat groeide hurd, ja soks is net sa dreech
 myn neilen knip ik no op in âld krante
 en dy skodzje ik dan yn in doaske leech

4 pûsten druk ik út boppe in skaaltsje
 en klau'k in roofke fan in plakje fan myn foet
 dêr ha'k in potsje foar en jim sille wol snappe
 ik haw ek hiel wat flessen fol mei stjurre bloed
 ik haw in bûnt ferskaat fan eigen-ik-matearje
 stikjes út 'e noas en smarsel út it ear
 fan lichemsfochten ha'k in hiele searje
 flessen triennen, swit en sied en al sa
 mear

kearsang:

5 mar net oerdriuwe: ik gean gewoan nei't húske
 poep en pis telt yn myn samling net mei
 mar fyn ik yn myn nâle ris in plúske
 dat bewarj' ik al, want soks dat is net wei
 fine jo myn museum mar bysûnder
 sels hoopje ik op eat wat mear ekstreem
 dan dream ik dat ik lêst krij, troch in wûnder
 fan galstiennen, wratten of ekseem!

kearsang: